

Dêr't rou rôze wurdt: oer leafde, it libben en de dea

Tsjerk Bottema

Hoe komt in dichtbondel ta libben? Net perfoarst troch der losse gedichten út foar te dragen. Hoe't it wol kin, bewiist Sytse Jansma, dy't fan syn bekroande bondel *Rozige maanvissen* (muzyk)teater makke hat, ûnder rezjy fan Fabian Jansen, en begelaat troch saksofoniste Sietske Trinks en slachwurker Johannes Terpstra.

Sa wurdt de dichter en passant akteur, in personaazje yn syn eigen ferhaal, dat it ferlies fan syn leaf en syn leafde foar har opnij ta libben bringt. Sa skept er in nij, komplemintêr keunstwurk, neist de bondel. Dochs is it gjin ferkeard idee om de bondel foarôf te lêzen, en dêrnei de teatrale ynterpretaasje derfan te genietsjen. Wa't lykwols ûnbefongen de foarstelling yngean wol, kin dat ek dwaan, en nei ôfrin fan *Rozige maanvissen* in eksimplaar fan de bondel oanskaffe by Sytse Jansma sels, dy troch him sinjearje litte, om by lêzing derfan de foarstelling op 'e nij te belibjen.

It lêste gedicht is ek it titelgedicht fan de bondel fan Jansma, dêr't er ferline jier al de C. Buddinghpriis foar it bêste debút yn de Nederlânsktalige poëzij, en

mear resint noch de Flaamske Poëzijdebútpriis 2025 foar krige. Mei it gedicht beslút er ek de foarstelling: 'ergens in taal is zij nog / in woorden die duurloos / en momentenbreed ronddobberen / als rozige maanvissen / haar zoeken is woorden aftasten / die haar nog niet kennen, ze omvormen / tot ze fingerspitzenvinnen krijgen / om haar bij zinnen te zwemmen'

Ik sprek Sytse Jansma yn teatertsjerkje De Spylder yn Warns, dêr't it ynterieur suver ek wat rôzich fan útslacht, en dêr't er fan 'e middei syn foarstelling spylje sil. 'Moannefiskien hingje wat loom yn it wetter, sûnder har te ferwegen, as wiene se al yn it tiidleaze ûneinige', leit er út. 'Dat die my tinken oan Roos. Fanwegen har binne it rozige maanvissen wurden.

Foto: Anneke Timmermans



Sytse Jansma yn de foarstelling *Rozige maanvissen*.

En Roos koe ek hiel bot fan genietsje fan in besite oan de sauna, benammen fan it gefoel dêrnei, dat se harsels dan sa "rozig" fielde.'

Gigantische maanvis

'We hebben even gespeeld met de gedachte om die metafoor ook in het decor van de voorstelling te verwerken, door een gigantische maanvis op het toneel te zetten, waar je als het ware op zou kunnen zitten', fertelt regisseur Fabian Jansen, dy't yntusken ek oanskood is. It docht my suver wat tinken oan "De Vis voor Stavoren", ien fan de alve fonteinen, fan keunstner Mark Dion, fiif kilometer fierderop yn Starum, dêr't bern op sinnige dagen graach yn krûpe, en har troch ferkuolje litte. Sa'n grutte fisk soe faaks wat al te kolderyk wêze en te folle ôfliede fan it ferhaal ek, mar tagelyk is it tekenjend foar hoe't de makkers omgeane mei de tematyk fan de bondel. 'De bondel bestiet net allinne út fertriet. Der sit in ûntwikkeling yn; it fertriet wurdt sêfter. Boppedat sitte der ek in soad boartlikheden yn; it is taalspul', stelt Jansma.

Yn stee fan in grutte fisk hawwe de makkers hiel subtyl keazen foar in kleanrek as wichtichste dekôrstik, dêr't de jas fan Roos noch op in kleanhinger oan hinget, as soe se dy noch brûke kinne, lykas it gedicht *het is wel mooi geweest* zo útdrukt: 'Het is wel mooi geweest zo, sta maar op / nu het nog kan, alles ligt nog precies zoals / je het hebt achtergelaten, je mobiele telefoon / nog op de hoek van de kast, je boek open / en omgekeerd op de leuning van de bank'

Of yn *abonnementen*, in oar gedicht dat it gefoel útdrukt dat Roos noch elk momint thúskomme kin: 'Zodra ik 's ochtends opsta / spurt de kat nog naar de gang / je sleutels liggen nog op tafel / je schoenen bij de bank'

Kombinaasjes en cross overs

De bondel lêst as in earbetoan oan Roos, de freondinne fan Jansma, dy't njoggen jier lyn op 32-jierrige leeftiid hommels ferstoar, mar tagelyk ek as in bewiis fan fearkrêft fan it lyrysk ik. Wat dreau him om fan sa'n persoanlike bondel in foarstelling te meitsjen?



Foto: Gerrit van der Meer

‘Doe’t ik mei de bondel begûn, skreau ik ‘m mear foar mysels. No is it materiaal wurden, dêr’t ik kombinaasjes en cross overs mei meitsje wol. Ik bin no safier dat ik der mei boartsje kin. Hoe bringe jo poëzij op it poadium? Dat woe ik ûndersykje. Los gedichten der út foardrage woe ik perfoarst net; ik woe der teater fan meitsje, en it teatraal meitsje troch it te kombinearjen mei muzyk.’

Musisy Johannes Terpstra en Sietske Trinks binne dêrby bepaald gjin eftergrûnmuzikanten, mar fersterkje it ferhaal mei har spul: ‘Het is een spel tussen woorden en klanken. Aan één blik hebben Sietske en ik genoeg, dan

weten we: nu moeten we even dit doen om muziek en tekst met elkaar te verbinden’, fertelt Terpstra.

De ynstruminten dy’t se bespylje, drage op ferskillende wizen by oan it fertellen fan it ferhaal, stelle beide muzikanten. Trinks: ‘De sfear fan it hjirneimels bringt Johannes der yn, mei de marimba en de vibrafoon. Al it ûngrypbere, de geast, de búk, en de klanken dêrfan, dat docht Johannes.’ Terpstra: ‘En Sietske verbeeldt met de saxofoon juist de stem. Zo brengen we, door de poëzie van Sytse te combineren met de klanken van de muziek van componisten als David Maslanka en Thom Zigterman, een extra laag aan in

het verhaal. Zo kun je met je spel echt wat extra’s geven. En de muziek is dan niet meer van de componist, het is van de voorstelling *Rozige maanvissen*; het is echt een kunstwerkje geworden.’

Oare ynhâld

Guon gedichten hawwe troch de muzyk in oare lading krigen, lykas *het wad*: ‘Pianissimo de prielen tijdens het droogvallen / van de ebdelta, koperbruin bezinksel van bezopen wier / het doorwaadbare glimt van dageraad, heerlijk / slik- en slibmaal van cockles and mussels alive alive oh / een kroeg die na een lange nacht nog kletsnat van het lachen’

Jansma: ‘Yn dat gedicht sitte meerdere lagen. Roos is dêr útstruid. It Waad wurdt der yn foarsteld as in kroech nei in feestje. Earst brochten wy dat hiel sakraal. Mar Fabian sei: “We maken er een kroeg met jazzmuziek van, je bent dronken, en je gaat dit gedicht er kotsend uitgooien.” Dat is it leuke fan teater; de kontekst bepaalt de ynhâld fan wurden en sa kin in gedicht ynienen in hiel oare ynhâld krije.’

Regisseur Jansen: ‘De uitdaging was om van Sytse de ervaringsdeskundige Sytse de performer te maken, zonder dat hij zijn verhaal steeds moet herbeleven, en Roos steeds opnieuw voor zich ziet, zodat de kans bestaat dat het gevoel hem overmand en het te privé wordt voor het publiek. Je moet een bepaalde afstand houden; meester blijven van hetgeen we bij het publiek willen bekokstoven. Op het podium moet *Rozige maanvissen* een nieuwe reis worden, die het publiek voor het eerst meemaakt. Zo laten we ons publiek juist geen afstand voelen, terwijl we juist wel afstand hebben gecreëerd ten aanzien van het verhaal van Sytse; juist daarom komt het dichterbij. Het is niet meer een-op-een het verhaal van Sytse, het is een nieuwe casus, een nieuw verhaal, dat we tegelijkertijd met elkaar beleven. Zo ontstaat er gezamenlijkheid.’

Net-organisearre neipetear

Dochs is *Rozige maanvissen* perfoarst gjin foarstelling oer rouferwurking, stelle sawol de dichter as de regisseur. Jansen:

Foto: Anneke Timmermans



Sietske Trinks en Johannes Terpstra yn *Rozige maanvissen*.

‘Het gaat ook over de liefde en het leven. En daar maken rouwen en de dood ook onderdeel van uit. Herpakken, omgaan met tegenslagen, en door moeten gaan. Daar gaat het over.’ Jansma: ‘It ferstjerren fan Roos hat my sa foarme. It hat rjochting jûn oan myn libben. *Rozige maanvissen* moast der komme.’

En hoe reagearret it publyk der op? Jansma: ‘Se bliuwe hingjen. Der is in soad neipetear, en dat wurdt net organisearre. Troch minsken dy’t sels immen ferlern hawwe, mar ek troch jongerein fan fyftjin of sechtjin jier.’ Jansen: ‘Na de voorstelling voelt het toch een beetje als een goede koffietafel na een mooie begrafenis.’

Mei de foarstelling docht Jansma net allinne lokaasjes yn Fryslân oan; *Rozige*

maanvissen is ek te sjen yn ûnder oaren Antwerpen en Amsterdam. De impact fan de bondel rikt sowieso fierder; soks docht ek wol bliken út it feit dat er bekroane waard yn Nederlân én België. Jansma fertelt dat er it gefoel hie dat er goud yn hannen hie, dat er mear mei syn bondel dwaan koe. Dochts wie dat gefoel der net fuortendaliks: ‘Ynearsten wie ik der benaud foar dat de minsken it te sentiminteel fine soene, omdat it sa persoanlik is. Dat myn bondel no troch sjuerys dochts op syn literêre kwaliteit beoardiele wurdt, bekroane wurdt sels, kin ik hast net leauwe. It fielt suver as in roes; as kom ik hjir kwa súkses nea wer oerhinne. Wolst wat meitsje dat der ta docht. Dêr bin ik yn slagge. Dat is de moaiste erkenning dy’tst krije kinst as makker. Datst echt wat yn beweging brocht hast. Dat gefoel haw ik echt.’ ■

Rozige maanvissen is in produksje fan Noorderwind Muziekproducties en spile yn oktober, novimber en desimber net allinne yn Fryslân, mar ek yn plakken lykas Amsterdam, De Haach en Enschede. Yn 2026 is *Rozige maanvissen* yn alle gefallen noch op 30 jannewaris te sjen yn Antwerpen (zaal Platform) en op 1 febrewaris yn Enschede (Wilminktheater). Mooglik komt der in reprise. Sjoch foar mear ynformaasje op www.sytsejansma.nl.

Tsjerk Bottema (1978) is sûnt desimber 2024 einredakteur fan de Moanne. Dêrneist is er aktyf as oersetter, tekst- en toanielskriuwer en regisseur yn it Fryske amateurtoaniel.